

Gemeente Ooststellingwerf

KATEGORY	OANTAL	YNVESTEARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	17	€ 294.807
 KEUNST EN KULTUER	16	€ 142.369
 LEEFBERENS	29	€ 432.498
 MIENSKIP EN BEDRIUW	7	€ 144.960
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	18	€ 238.471
 SPORT	9	€ 213.040
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	9	€ 285.176
 SOARCH EN WOLWÊZEN	3	€ 54.000
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	6	€ 3.000

Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

Sijbe Knol
Deputearre Leefberens



GEMEENTE OOSTSTELLINGWERF

10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Ooststellingwerf. Hjiryn kinne jo sjen hoefolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsydzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikker en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Súdeast Fryslân wat fêstige is yn De Gordyk. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: fryslan.fr/imfoanfreegje.

114

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 1.808.321 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Ooststellingwerf. Dat is € 69,82 de ynwenner.

YNVESTEARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân
€ 1.808.321



Multiplier 7,00

ÚTLICHT:

In hûs foar elkenien fan Stichting De Herberg yn Waskemar


De Herberg yn Waskemar is in plak dêr't minsken inoar moetsje. Yn 2019 hat De Herberg subsydzje út it Iepen Mienskipfûns krige foar de realisearre fan in alkoholfrij moetingplak sûnder kommersjele bedoelings, foar it befoarderjen fan de maatskiplike gearhing en it stimulearjen fan de relaasjes oer en wer. Dat yn in doarp dêr't hieltyd mear fasilititeiten en dus ek plakken dêr'tst inoar moetsje kinst, ferdwine. De Herberg wol der foar elkenien wêze, mar besiket ekstra omtinken te jaan oan minsken dy't dêr troch harren omstannichheden ferlet fan hawwe. Dat dogge se troch (waarme) mielen te servearjen, it organisearjen fan koffjemoarnen en ferskate oare aktiviteiten. Yn 2025 hat De Herberg nochris subsydzje út it Iepen Mienskipfûns krige, no foar it ferfangen fan de bakwand yn 'e keuken.



Projektaart gemeente Ooststellingwerf

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projektaart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Ooststellingwerf.



TALJOCHTING:

Enerzjy en Duorsumens	Keunst en Kultuer	Leefberens
Mienskip en Bedriuw	Natuer en Kultuerhistoarje	Sport
Ferduorsumjen Mienskipsgebouwen	Soarch en Wolwêzen	Fryslân Ferbynt



OANTAL PROJEKTEN: 114 TOTAAL YNVESTEARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 12.658.397 TOTAAL YNVESTEARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 1.808.321

NIJSGJIRRICHI NEI DE PROJEKTEN?

